

It sosjalisme fan Piter Jelles Troelstra

Bertus Mulder

Summary

From the outset of his political career, Pieter Jelles Troelstra, the chairman of the Social Democratic Workers' Party, had very clear opinions about the significance of the trade union movement as part of the establishment of the workers' 'democratic power' with regard to capital. He also drew attention to the importance of the trade unions in the struggle for quality of labour. The question is: where did this exceptional man get his ideas from? The suggestion is that he developed an interest in trades-inspired socialism from an early age through the typographer, Jelle Fijlstra. Hailing from Sneek, Fijlstra was a member of the International Workingmen's Association and a cousin of Pieter's father, Jelle Troelstra.

Gearfetting

Piter Jelles Troelstra, foaroanman fan de Sociaal-Democratische Arbeiders Partij, hat fanôf it begjin fan syn politike optreden heldere opfettings oer de betsjutting fan de fakbeweging, as ûnderdiel fan de 'democratische machtsvorming' fan de arbeiders tsjinoer it kapitaal. Hy wiist ek op it belang fan de fakbeweging foar de striid foar kwaliteit fan de arbeid. De fraach komt op wêr't er dy ideeën wei hat. Want hy is útsûnderlik. Stelling is dat hy fan jongs ôf oan belangstelling krige foar in ambachtlik ynspirearre sosjalisme troch de Snitser typograaf Jelle Fijlstra, lid fan de Earste Ynternasjonale en neef fan syn heit Jelle Troelstra.

Piter Jelles Troelstra wie in man mei útsprutsen opfettings oer de sosjalistyske striid, oer arbeid en oer de rol fan de fakbeweging. Hy fersette him tsjin in oerdreaun ferhearlikjen fan 'het proletariaat', en besocht oansluting te finen en te hâlden by de libbenswrâld en opfettings fan de arbeiders. Om dat ta te ljochtsjen, begjin ik mei in sitaat út de ein fan syn libben, ûntliend oan in brief oan de skriuwer A.M. de Jong:

'Er wordt zoveel over het proletariaat georeerd en in kranten en brochures geschreven. Dat "proletariaat" is gewoonlijk een geestelijke schepping der fantasie of der theorie. Tegen dat proletariaat heb ik mijn leven lang moeten vechten, want ik heb altijd de arbeidersklasse gezien

in haar werkelijke gedaante, zoals zij reilt en zeilt (...) Het proletariaat in zijn werkelijke ontwikkeling in de maatschappij, niet als gevolg van brochures, maar als gevolg van zijn langzame bewustwording'.¹

Piter Jelles Troelstra wie op in bysûndere wize yn oanrekking kommen mei de arbeidersbeweging, in beweging dy't der al wie foar't hy dêr mandêlich oan waard. Hy sleat him der by wize fan sprekken by oan en treau de beweging fierder yn de rjochting fan demokratyske machtsfoarming, yn in striid foar algemien kiesrjocht, yn in striid foar de achtoeredeï en yn in striid foar ekonomyske demokrasy.

De (earste) ienmaaiefiering fan 1890 foar de achtoerige wurkdei yn Ljouwert hie in net út te wiskjen yndruk op him makke:

'Het was een heerlijke aanblik, die feestelijk gezinde arbeiders, leden dier klasse, die geen verrukking, geen feestvreugde kende, maar thans medegesleept door den internationalen stroom van nieuw geloof en nieuwen wil, die vanuit Parijs over de wereld was losgebroken, zich voor het eerst voelde als de nieuwe kracht, opgekomen voor het verwezenlijken van een der hoogste eischen der arbeidersklasse',

skriuwt er letter yn syn *Tinkskriften*.²

Dat earste ienmaaiefeest brocht in beslissende brek mei syn liberale heit te weech, en tagelyk mei in liberalisme dat it folk net ryp achte foar algemien kiesrjocht en selsstannige machtsfoarming fan de arbeiders ôfwisde. Hy seach de opkommende krêft fan de folksbeweging yn de stakings fan de feanarbeiders yn Beets en de lânarbeiders op It Bilt, en yn de yndrukwekkende maaieoptochten en meetings foar it algemien kiesrjocht te Ljouwert en It Hearrenfean. Hy projektarre dêr syn hope en ferwachtings op:

'Dat volk verscheen thans niet zoozeer voor mijn oog als de lijdende massa, die mijn medelijden vroeg; maar als het strijdbare leger, zich opmakende ter verwezenlijking van het ideaal, dat mij voor de geest zweefde (...)'³

-
- 1 Pieter Jelles Troelstra oan A.M. de Jong, 9 maart 1929, yn: Mels de Jong, *A.M. de Jong, schrijver. Biografie*, Amsterdam, 2001, p. 219.
 - 2 P. J. Troelstra, *Gedenkschriften, deel 1, Wording*, Amsterdam, 1927, p. 258.
 - 3 P. J. Troelstra, 'Geheelonthouding', yn: *De Nieuwe Tijd, sociaaldemokratisch maandschrift* 1 (1896/1897), p. 56.

Fakorganisaasjes wiene yn it lêste fjirdepart fan de 19e ieu betreklik lytse organisaasjes fan fakarbeiders út ambachtlike, net-yndustriële bedriuwstakken lykas typografen, meubelmakkers, sigaremakkers en boufakarbeiders, dy't foar in part noch sterk ûnder liberale ynfloed stiene.⁴ Hiel opmerklik is dêrom de rol dy't Piter Jelles oan de fakbeweging takent. Yn de diskusje oer it begjinselprogram fan de SDAP fan 1895 komt dat oan 'e oarder yn de mieningsútwijsel tusken him en Frank van der Goes. Troelstra sjocht de ûntjouwing fan de fakbeweging as in needsaak, om te kommen ta it fuortsterkjen fan folksynfloed. Op syn foarstel liedt dat yn it SDAP-program fan 1895 ta de neikommende bysûndere alinea, dy't net syn wjergader fynt yn it program fan de Dútske sosjaaldemokraten, it Erfurter program:

'Onder de invloed van deze economische revolutie heeft een deel van het proletariaat zich verenigd met het doel de totstandkoming der socialistische voortbrengingswijze te bevorderen. Bij dit streven stuit het op de tegenstand der bezittende klasse, die hierbij gebruik maakt van de staatsmacht, om het bestaande economisch stelsel te handhaven, waarbij ze steunt op dat gedeelte van het proletariaat, dat nog niet tot bewustheid van zijne taak als revolutionaire klasse is gekomen. Hieruit heeft zich de klassenstrijd ontwikkeld, die zich zowel openbaart in de strijd eener zelfstandige arbeiderspartij om de politieke macht en ter opwekking van het klassenbewustzijn bij de arbeiders, als in de strijd der vakverenigingen tegen de patroons ter verkrijging van betere arbeidsvoorwaarden'.

Fakbeweging

De fakbeweging komt net foar yn it Erfurter program, en likemin it njonkenelkoar setten fan partij en fakbeweging. Troelstra wurdearret it optreden fan de fakbeweging neist de politike aksje fan de sosjaaldemokrasie as twa elkoar oanfoljende striidmiddels fan it proletariaat.⁵ Dat wykt ôffan de opfettings yn de Dútske en Russyske sosjaaldemokrasie. Karl Kautsky, de grutte Dútske partijteoretikus, makke it ûnderskied tusken de direkte, mar beheinde materiële belangebeheerting fan de

4 Max Zwalf, 'De socialistische arbeidersbeweging in Nederland', yn: Max Beer, *Algemeene geschiedenis van het socialisme*, Amsterdam, 1927, p. 663. Fgl. Ad Knotter, 'Van "defensieve standreflex" tot "verkoopkartel van arbeidskracht"'. Twee fasen in de ontwikkeling van de Amsterdamse arbeidersvakbeweging (ca. 1870-ca. 1895)', yn: *Tijdschrift voor Sociale Geschiedenis*, 1993 (68-93), p. 68.

5 P. J. Troelstra, *Gedenkschriften, deel 2, Groei*, Amsterdam, 1928, p. 130.

fakbeweging en de op de takomst rjochte taken fan de partij. De partij kaam de lieding ta yn de striid om de politike macht.

Mar Troelstra wurdearret de fakbeweging oars, om't er de taken fan de fakbeweging folle breder sjocht as direkte belangebehertiging. Yn syn kommentaar op it Erfurter program fan 1891 hie Troelstra yn *De Sneeker Courant* fan 2 desimber 1892 de takomstige maatskiplike taken fan fakorganisaasjes sa omskreaun:

'Zullen werkstakingen met goed gevolg kunnen worden gebruikt, als wapen in de klassenstrijd, dan is vakorganisatie noodzakelijk. Diezelfde vakorganisatie is echter ook vooral van belang met het oog op de toekomstige productiewijze waar aan de arbeider tevens de leiding en organisatie der productie in de hand zal worden gegeven. Tegenover de organisatie van het kapitaal in trusts en de organisatie der nijverheid, moet staan de organisatie der arbeiders in elke tak van productie - niet als burgers van den staat, maar als arbeiders.'

Troelstra foarsjocht hjir in dragende rol foar de fakbeweging yn de takomst. It is in tematyk dy't letter aktueel wurdt as de SDAP yn 1920 ûnder foarsitterskip fan de bestjoerlik ynstelde Amsterdamske SDAP-wethâlder F.M. Wibaut komt mei it *Socialisatierapport*. Wibaut hie yn 1891 de Ingelske Fabian-essays oersetten. De Fabian-sosjalisten diene in berop op goedwollende persoanen út de besittende klasse om har te wijen oan de ferheffing fan it folk. Yn har analyze fan de tekoartkommings fan it kapitalisme seagen se in takomst foar útwreiding fan publyk behearde bedriuwen. Dêr wiene foaral goede bestjoerders foar nedich.

Sosjalisasje is 'de opheffing van den particulieren eigendom der productiemiddelen en hun overgang in maatschappelijke eigendom, maar het is dit aanvankelijk slechts voor bepaalde takken van voortbrenging, vervoer en verdeeling en voor bepaalde vormen van eigendom'.⁶ Alhiel yn de tradysje fan de Ingelske Fabians wurde as arguminten foar sosjalisasje neamd de fergriemerij fan it kapitalisme, de behyplike doelmjittigens, de yneffisjinsje fan produksje en distribúsje, 'de tot duizelingwekkende hoogte opgevoerde reclame' en de winsklikheid ta beheining fan arbeidsleas ynkommen. Dêrta heart ek it foarbytsjen oan de belangen fan konsuminten en de winsk te kommen ta útwreiding fan de sizzenskip fan de arbeiders.

6 *Socialisatievraagstuk* (1920), p. 9. Fgl. A. Peper (1981), 'Socialisme en Technocratie', yn: *Wetenschappelijk socialisme. Over de 'plannen' van SDAP en PvdA*, Amsterdam, 1981, p. 11-33.

Sosjalisaasje

Troelstra kritisearret de Sosjalisaasjekommisje om syn a-politike, technyske oanpak. Sizzenskip oer de bedriuworganisaasje kin ûntstean as resultaat fan politike machtsfoarming, en dêr leit ek de beheining. 'Als een overgang naar de sociale verwezenlijking der democratie kan het streven naar medezeggenschap der arbeiders in het bedrijf, eerst voor de regeling hunner arbeidsvoorwaarden, verder ter deelneming aan bepaalde onderdelen der bedrijfsleiding, worden gevat. (..) Maar zolang de leiding van het bedrijfsleven berust op het privaatbezit der productiemiddelen, zal deze "democratie in de fabriek" slechts binnen enge grenzen, niet de hoofdzaken omvattende, kunnen werken', sa formulearre Troelstra yn 1919 de spagaat fan de sosjaaldemokrasjy.⁷

Sosjalisaasje frege nei syn betinken om in eigen organisaasje fan it bedriuwslibben ûnder kontrôle en ta tsjinst fan de folksmienskip. En dêryn paste in rol foar de fakbeweging, lykas hy al yn 1892 yn *De Sneeker Courant* skreau. Ek al mist de arbeidzjende klasse noch bekwamens om 'zelve de voortbrengst te regelen', ek letter giet Troelstra derfan út dat de dei oanbrekke sil dat de arbeidersbeweging by steat wêze sil regeling en behear fan de arbeid oan it kapitaal te ûntlûken en it sels oer te nimmen.⁸ De wei lâns fan herfoarmingen en tydlike maatregels stribbet de sosjaaldemokrasjy nei de 'volledige vrijmaking der arbeidende klasse'.⁹ Yn de takomstige sosjalistyske maatskippij kin de fakbeweging in grutte rol yn de produksje ferfolje yn de organisaasje fan de arbeid; foar Troelstra is de fakbeweging 'de cel waaruit eenmaal de socialistische samenleving zal zijn opgebouwd'.¹⁰

Syn opfettings oer de oergong fan kapitalisme nei sosjalisme en de rol fan de fakbeweging hat er mear as ien kear ek ynternasjonaal oan de oarder steld. Yn 1907 pleite hy yn de Sosjalistyske Ynternasjonale foar

7 Mr. P.J. Troelstra, 'De Revolutie en de S.D.A.P., II. Wat is democratie?', yn: *De Socialistische Gids* 4 (1919), p. 395.

8 P.J. Troelstra, *De S.D.A.P. Haar ontstaan, doel en streven geschetst*, 2e druk, Amsterdam, 1899, p. 17.

9 P.J. Troelstra, *De S.D.A.P. Haar ontstaan, doel en streven geschetst*, 2e druk, Amsterdam, 1899, p. 21

10 P.J. Troelstra, *De S.D.A.P. Haar ontstaan, doel en streven geschetst*, 2e druk, Amsterdam, 1899, p. 27. Troelstra rûn net wei mei steatseksplottaasje; fgl. Piet Hagen, *Politicus uit hartstocht. Biografie van Pieter Jelles Troelstra*, Amsterdam, 2010, p. 718.

it 'politek systeem der sociaal-democratie', en yn de betiizjende jierren nei de Earste Wrâldoarloch die er dat fannijs.¹¹

Ut dy optyk wei sjocht er ek nei it Sosjalisaasjerapport. Yn de krystdagen fan 1920 hâldt er yn in ynlieding syn sosjaaldemokratyske harkers foar dat sosjalisaasje yn it foarste plak in polityk fraachstik is. Sûnder de ferheffing fan it proletariaat ta liedende en regearjende klasse is prate oer sosjalisaasje in gefaarlike yllúzje:

'Gevaarlijk, omdat zij de beweging naar socialisatie van haar politiek-revolutionair karakter berooft; daardoor het onmisbare elan der arbeidersbeweging vernietigt; haar beperkt tot een onderwerp van technische berekening van vakspecialisten en leidt tot het verdoezelen en miskennen van het ware karakter der socialisatie – de strijd tegen arbeidsloos inkomen'.¹²

It technyske karakter fan it Sosjalisaasjerapport miskent boppedat dat 'wetenschappelijke werkmethodes' fan yngenieurs lykas W.F. Taylor 'niet neutraal zijn; ze zijn erop gericht bij beperking van arbeidstijd de winstvoortbrengende arbeider' te bewegen ta 'verhooging der intensiteit, der snelheid' fan it wurk, wat it ôfmêdzjende karakter fan de arbeid fersterke.¹³ Yn de rjochting fan syn partijgenoat ir. Theo van der Waerden, dy't oertsjûge wie fan de ûnûntkombere foarútgong fan de technyk en wittenskiplik bedriuwbehear as foarútgong wurdearre, merkt er op dat sosjalisaasje 'iets meer nog is dan een technisch-economisch vraagstuk'.¹⁴

'Voor mij is het voornaamste van de socialisatie, dat het een perspectief geeft, zonder hetwelk ik voor mij geen uitweg zou zien uit de misères van heden. Het is een groot proces, waarmede kan worden begonnen, als bepaalde voorwaarden zijn vervuld; het eist veel voorbereiding en

11 Mr. P.J. Troelstra, 'De Revolutie en de S.D.A.P., V. (Slot), Het sociaal-democratisch systeem', yn: *De Socialistische Gids* 4 (1919), p. 681; Mr. P.J. Troelstra, *De sociaal-democratie na den oorlog*, Berlicum, 1921, p. 51; fgl. Ernest Hueting, Frits de Jong Edz., en Rob Neij, *Troelstra en het model van de nieuwe staat*, Assen, 1980.

12 Mr. P.J. Troelstra, 'De politieke kant der socialisatie', yn: *Redevoeringen over socialisatie, verslag van de cursussen gehouden op 24, 25 en 26 december 1920 te Amsterdam*, Amsterdam, 1921, p. 77.

13 P.J. Troelstra, *De S.D.A.P., wat zij is en wat zij wil*, Zesde druk, Amsterdam 1914, p. 4 en p. 19.

14 Mr. P.J. Troelstra, 'De politieke kant der socialisatie', yn: *Redevoeringen over socialisatie, verslag van de cursussen gehouden op 24, 25 en 26 december 1920 te Amsterdam*, Amsterdam, 1921, p. 75. Van der Waerden hie in rubryk mei dy namme yn *De Socialistische Gids*.

opvoeding der arbeiders; zijn betekenis ligt niet in de verschaffing van dadelijke voordelen; het is juist wegens dat alles een zaak van scholing en politieke rijpheid der arbeiders. Er moet op gewezen worden, dat wij in de kapitalistische chaos vastzitten en dat, terwijl anderen geen enkel middel weten om eruit te komen, voor ons de weg getekend is'.¹⁵

Dat fergat it uterste oan ynset, wêrby't sosjalistyske oertsjûgings lykop rinne moatte mei it fuortsterkjen fan de eigen bekwamens fan de arbeiders ta dielnimming oan of meisizzenskip yn de lieding fan de ûndernimming – en dêr ûntbrekt noch in soad oan. En dêrby moat de partij der foar oppasse 'constructies te ontwerpen die losstaan van het politiek draagvlak in bedrijven': *'Socialisatie is afhankelijk van de wil van de arbeiders en niet van de studie van experts: de partij is een politiek lichaam en niet een organisatie van bedrijfskundigen'*, sa hâldt er de yngenieurs yn syn partij foar.¹⁶

Fêsthâldend

Sa sjogge wy dus dat Troelstra fanôf *De Sneeker Courant* fan 1892 oant en mei 1929 opmerklik fêsthâldend is yn syn opfettings oer de befrijing fan de arbeid en de rol fan de fakbeweging dêryn. Hy stjit op de bysûndere koälysje fan it Fabianisme fan Wibaut en it yngenieurs-sosjalisme fan Van der Waerden, beide oanhinger fan 'wetenschappelijk bedrijfsbeheer', in technologyske oanpak wêryn't effisjinsje sintraal stiet, en dy't ûnferwachte ticht by de opfettings oer 'wetenschappelijk bedrijfsbeheer' komt út de koker fan de Amerikaanske bedriuwysyngenieur F.W. Taylor. It Taylorstelsel wie derop rjochte om op bedriuwsnivo effisjinsje troch te fieren troch it fakmanskip fan de arbeiders yn stikjes op te knippen. Dat soe yn de jierren tritich útrinne op de rinnende bân. Troelstra tocht yn politike termen, en yn oandacht foar de arbeiders as *producent*. Troelstra syn stânpunt wie anty-tayloristysk, fanút de oandacht foar it fakmanskip fan de arbeider. Hy leit de klam op de subjektive kant fan sosjalisasje, op de befrijing fan de arbeid troch de arbeiders sels, op bedriuwdemokratisearring en de kwaliteit fan de arbeid.

-
- 15 Mr. P.J. Troelstra, 'De politieke kant der socialisatie', yn: *Redevoeringen over socialisatie, verslag van de cursussen gehouden op 24, 25 en 26 december 1920 te Amsterdam*, Amsterdam, 1921, p. 80.
- 16 Ernest Hueting, Frits de Jong Edz., en Rob Neij, *Troelstra en het model van de nieuwe staat*. Assen, 1980, p. 105; fgl. Jan Nekkers *Het moet, het kan, op voor het plan. Vijftig jaar Plan van de Arbeid*, Amsterdam, 1985, p. 105. Fgl. ek Mr. P.J. Troelstra, 'De politieke kant der socialisatie', yn: *Redevoeringen over socialisatie, verslag van de cursussen gehouden op 24, 25 en 26 december 1920 te Amsterdam*, Amsterdam, 1921, p. 73-90.

Wêr hat er it wei?

It twadde part fan myn ferhaal rjochtet him op de fraach: wêr hat er it wei? Hoe komt er derby? Wat makket dat Piter Jelles Troelstra de sosjaaldemokratyske beweging yndúkt mei opfettingen dy't útsûnderlik binne? Hoe is it mooglik dat er al sa betiid útsprutsen opfettings hat wylst de fakbeweging amper wat foarstelde? Dat is nammerste mear nijsgjirrich as wy ús foar eagen hâlde dat der noch gjin NVV bestie, dat it Nacionaal Arbeids Secretariaat yn 1892 noch oprjochte wurde moast en ek de ANDB, de machtige Diamantbewerkerbond fan Henri Polak, noch net bestie. Eins wie der allinnich de Algemene Nederlandse Typografenbond, dy't fanôf 1864 funksjonearre as lanlike fakorganisaasje. Ik wol op syk nei de woartels fan syn fyzje op arbeid, fakbeweging en bedriuwdemokratisearring. En dêrta wol ik begjinne mei in tal mooglikheden te neamen om dy ferfolgens ôf te streekjen, om op it lêst út te kommen by in ek foar my ferrassende draai.

Yn dat ûndersyk nei de woartels fan syn opfettings liket it foar de hân te lizzen om yn it foarste plak te tinken oan it grutte foarbyld foar de Nederlânske sosjaaldemokrasjy, de Dútske SPD. Dat wie in beweging dy't hieltyd mear stimmen garre, in machtige partijorganisaasje opboude, dat wie de partij dêr't minsken as Troelstra en Van der Goes yn de jierren njoggentich fan de 19e ieu hinne teagen en by opseagen as se it hiene oer de ûntjouwing fan de sosjaaldemokrasjy. Mar wy hawwe al sjoen dat Troelstra opfettings formulearret dy't net foarkomme yn it Erfurter Programm fan de SPD. Dizze mooglikheid set ik in streek troch.

Op it twadde plak kinne wy fierder yn de tiid tebek, en te riede gean by syn Grinzer learmasters út de jierren tachtich fan de 19e ieu. Dat giet dan benammen om de figuer fan Cort van der Linden. Troelstra wiist yn *Wording* op it belang fan Cort van der Linden foar syn 'sociale studiën'¹⁷ en helle Cort van der Linden ek oan yn syn *Almanak voor de*

17 Troelstra, *Wording*, p. 253.

Volkspartij in Friesland fan 1892.¹⁸ Yn 1882 skriuwt Cort van der Linden dat men de maatskippij net sjen moat as in ‘vereniging van individuen’ mar dat de minske in troch en troch maatskiplik wêzen is; hy libbet foar himsels, mar ek foar oaren.¹⁹ Cort van der Linden besprekt yn 1883 yn *Vragen des Tijds* de mooglikheid fan in sosjalistyske organisaasje fan de ekonomy op basis fan beropsgroepen, om dy mooglikheid fuortendaliks te fersmiten. Mar dêrby lit hy de arbeidsferhâldingen op bedriuwsnivo bûten beskôging. Fan Cort van der Linden kin er it dus ek net hawwe. Ik wol dêrom fierder sykje en ek noch fierder yn de tiid weromgean. Werom nei de santiger jierren fan de 19e ieu. Ik sil dat taljochtsje.

In rolmodel?

Troelstra begjint syn *Tinkskriften* mei dy bûtengewoan yntrigearjende sin: ‘Uit de massa der naamloze werkers voor hun dagelijks brood ben ik voortgekomen’. Hy beskriuwt de delgong fan in begoedige minniste boerefamylje út Súdwest-Fryslân, dy’t letter de hân ophâlde moast by de bedieling; hy jout ek oan dat de bern fan syn oerpake Jelle Jentjes hantwurkslju waarden: syn pake Pieter Jelles en dy syn broer Hendrik waarden skipstimmerlju, de oare broer Jentje Jelles waard skuonmakker. De dochters trouden. Twa dêrfan wennen krekt as syn pake en beppe op De Lemmer. Ut de *Tinkskriften* kinne wy opmeitsje dat hy as jonge faak op De Lemmer útfanhûze. As syn mem wer in lytse poppe kriget, of as se slim siik is, dan is dêr altiten plak foar him. Somtiden ferbliuwt er dêr moannen.²⁰ Snits lei healwei Ljouwert en De Lemmer. Troelstra wijt krekt ien sin oan de yn Snits wenjende tredde suster fan syn betiid ferstoarne pake: ‘Verder zocht ik destijds te Sneek zijn zuster Boukjen Jelles op, gehuwd met Fokke Pieters Fijlstra, uit welk paar een anarchistische tak der familie is voortgekomen’.²¹

18 *Almanak voor de Volkspartij in Friesland* (1892), p. 31: ‘De werklieden zijn wettelijk vrij, maar feitelijk de slaven der kapitalisten’, en p. 93: ‘De meeste economisten plaatsen zich bij de beoordeling der socialistische grieven niet op het juiste standpunt. Zij kunnen zich niet losmaken van de tegenwoordige maatschappelijke orde. Wanneer men de tegenwoordige maatschappij, de tegenwoordige verdeling der goederen, het thans geldende recht, uitdrukkelijk of stilzwijgend als onaantastbare gegevens voorop stelt, dan voorzeker valt het niet moeilijk, de socialistische grieven als hersenschimmig of onvermijdelijk te schetsen. Het is echter juist de vraag, in hoever onze maatschappij en ons recht moeten worden hervormd.’

19 Mr. P.W.A. Cort van der Linden, *Volk en Staat*, Groningen, 1882, p. 14/15.

20 P.J. Troelstra, *Wording*, p. 13, p. 50, p. 62.

21 P.J. Troelstra, *Wording*, p. 14.

Der is wat aparts oan dy sin. Der stiet oan de iene kante tefolle yn, oan de oare kant te min. Ek al suggerearret de tekst oars, hy hat de minniste oerwurkmakker Fokke Fijlstra, dy't yn 1847 op 46-jierrige leeftiid stoar, nea net kend. Syn âld-muoike Baukjen wie 'winkeliersche' doe't har soan Jelle Fijlstra (1839-1913) yn 1866 troude mei Lolkje Visser. Baukjen Troelstra wenne op de ein fan har libben by dy soan yn.²² As Piter Jelles syn âld-muoike Baukjen, dy't oant 1887 libje sil, opsiket, hat er dus te krijen mei de wrâld fan Jelle Fijlstra, in folle neef fan syn heit Jelle Troelstra.

Yn syn *Tinkskriften* ferwiist Piter Jelles gjin inkele kear nei dy Jelle Fijlstra. Hy folstiet mei de omskriuwing fan 'een anarchistische tak der familie'. Dat der letter politike animositeit bestie tusken de sosjaaldemokraat Piter Jelles Troelstra en de Domela-oanhinger Jelle Fijlstra sil mei de reden west hawwe om net fierder op de rol en betsjutting fan Jelle Fijlstra yn te gean. Piter Jelles stelt syn ûntjouwing ta it sosjalisme foar as in striid dy't er fiert mei en tsjin syn heit, Jelle Troelstra. Mar dat der tagelyk yn de famylje immen is dy't as foarbyld tsjinnet, in rolmodel is, bliuwt bûten it eachweid. Frieswijk freget oandacht foar it belang fan famyljerelaasjes yn de skiedskriuwing fan it opkommende sosjalisme en hjir fine wy dêrfan in yllustraasje.²³

Betide belangstelling foar it sosjalisme

Om dat fierder ta te ljochtsjen, moatte wy werom nei de jonge jierren fan Piter Jelles. Dy fertelt yn syn *Tinkskriften* dat er him as jonkje fan tolve, trettjin jier al mei it sosjalisme dwaande hâldt.²⁴ As de húshâlding fan Jelle Troelstra yn 1872 yn Stiens fan it iene hûs nei it oare ferhuzet, kriget er better tagong ta de boekekast fan syn heit. Piter Jelles stjit - neist de sosjalistyske geskriften fan bûtenlânske komôf fan Saint-Simon, Fourier, Considérant en oare utopyske skriuwers - ek op de brosjure fan de

-
- 22 Albert de Jong, 'Piet Fijlstra 75 jaar', yn: *Socialisme van onder op. Orgaan van de Nederlandse Bond van Vrije socialisten*, 8 jannewaris 1949. Dêryn stiet dat de yn 1874 berne Piet Fijlstra grut waard yn in ienkeamerwenning yn in húshâlding dy't bestie út heit en mem, acht bern en ien beppe. Jelle Fijlstra wenne Buiten 't Hoogend.
- 23 Johan Frieswijk, 'Biografische aspecten van de geschiedschrijving van de arbeidersbeweging in Friesland', yn: *Biografie en arbeidersbeweging*, Themanummer *It Beaken* 70 (2009), 1/2, p. 21.
- 24 Pieter Nijland, *Friezen gezocht. Gids voor stamboomonderzoek in Friesland*, Leeuwarden, Den Haag, 2005, p. 47 yn kombinaasje mei Troelstra, *Wording*, p. 83.

Nederlanner Gerhard, *De Internationale en hare beoordelaars*.²⁵ Wat makke dat de tolf- of trettjinjierrige Piter Jelles him doe mei de Ynternasjonale dwaande hold?

De ferbining tusken it sneupen fan de jonge Piter Jelles en de Ynternasjonale fine wy yn de aktiviteiten fan Jelle Fijlstra. De lettersetter Jelle Fijlstra (1839-1913) wie lid fan de yn 1864 oprjochte Algemene Nederlandsche Typografen Bond, mar waard yn 1869 ek lid fan de (earste) Ynternasjonale. De ANTB wie it prototype fan in fakbûn fan fakarbeiders. Snitser typografen hiene mei-oprjochters fan de lanlike Typografenbond west. Se diene ek mei oan in lanlike stakingsaksje foar ien algemien lanlik set- en druklean, troch op 6 juny 1869 it wurk by *De Sneeker Courant* del te lizzen. De aksje hat sukses.²⁶

Yn Snits wiene de typografen ek de lûkers fan de Ynternasjonale. Op snein 17 oktober 1869 kamen wurklju út 'allerlei vakken' by elkoar. 42 wurklju - typografen, timmerlju, edelsmidden en meubelmakkers - sleaten har oan by de Internationale Arbeidersvereniging. De seksje woeks al gauwe út ta 130 leden. Fanút Snits waard op 14 novimber in ôfdieling yn Harns oprjochte, op 16 desimber folge troch Ljouwert en yn maart 1870 troch Lemsterlân. Meielkoar besleaten se ta oprjochting fan de Provinciale Friesche Werklieden Vereeniging, de PFWV.²⁷ Jelle Fijlstra docht dêryn folop mei en is yn 1872 sawol foarsitter fan de Typografenbond as fan de ôfdieling Snits fan de PFWV, dy't fakferienings telde fan typografen, timmerlju, goud- en sulversmidden en oerwurkmakkers, en in sikefûns behearde.

Dat is wat nijs, der is aksje, der is sicht op nije perspektiven, en krekt dat sil de jonge Piter Jelles oanlutsen hawwe as er skriuwt dat er him doe foar de geskriften fan sosjalistyske skriuwers ynteressearre, 'niet slechts wegens hun inhoud, maar vooral ook wegens den profetischen geest waarin zij waren geschreven'.²⁸

-
- 25 Troelstra, *Wording*, p. 84. Sjoch foar Gerhard: Dick Nas, *Koerier van een nieuwe tijd. Hendrik Gerhard en de ontwikkeling van de internationale arbeidersbeweging*, Den Haag, 2002, m.n. p. 48.
- 26 Johan Frieswijk, *Sosjalisme in Friesland 1880-1900*, Amsterdam, 1977, p. 23.
- 27 Johan Frieswijk, 'De Friese secties van de Internationale - het prille begin van de arbeidersbeweging in die provincie (1869-1971)', in: *Mededelingenblad, orgaan van de Nederlandse vereniging tot beoefening van de sociale geschiedenis*, 39 (oktober 1971), p. 6-13.
- 28 Troelstra, *Wording*, p. 84.

Fijlstra

Jelle Fijlstra, neef fan syn heit, yn 1872 33 jier âld, is middelpunt fan aksje. Jelle Fijlstra bringt syn opfettings yn dichtfoarm nei foaren yn *De Werkman*, yn it 'Alphabeth voor Werklieden'²⁹ en yn it lange stik 'Wat de werkman doet, welke belooning hij daarvoor ontvangt en waardoor hij zijne positie kan verbeteren'.³⁰ De ein fan dat lêste gedicht klinkt sa:

Werkliên, vereenigt u, en weldra breekt uw luister
Weer door de nooden van gebrek en zorgen heen;
Blijft g'op uw zelve staan, gewis uw lot is duister,
Uw toekomst donker, want, helaas, gij staat alleen!

Fijlstra is oant 1876 foarsitter fan de ôfdieling Snits fan de PFWV en is dat op 'e nij fan 1880 oant 1884. Hy is in skoft ôffurdige nei de lanlike Algemeene Raad fan it Algemeen Nederlandsch Werklieden Verbond.³¹ Yn 1885 ferleit er syn wurkterrein en wurdt foarsitter fan de ôfdieling Snits fan de Nederlandsche Bond voor Algemeen Kies- en Stemrecht. Mar foaral is hy de man dy't yn 1882 Domela Nieuwenhuis nei Snits helleet.³² Dat die fertuten: in jier letter gong de Snitser ôfdieling fan de PFWV oer nei de Sociaal-democratische Bond.³³ Binne se healwei 1883 mei syn trijen³⁴, op 27 septimber 1883 bestiet de ôfdieling út fjirtjin man.³⁵ Jelle Fijlstra waard yn Snits kolporteur foar it blêd fan Domela, *Recht voor Allen*.

29 *De Werkman*, 20 april 1872.

30 *De Werkman*, 13 jannewaris 1872.

31 Neffens de elkoar opfolgjende *Jaarboekjes van het Algemeen Nederlandsch Werklieden Verbond* is Fijlstra yn 1878 sekretaris fan de Ned. Typografenbond en dat jildt ek foar 1879; yn 1880 is er presidint fan de ôfdieling Snits van de PFWV en sekretaris fan de Typografenbond, yn 1881 is er presidint fan de PFWV en sekretaris fan de Typografenbond; yn 1882 is der gjin fermelding fan wa't presidint is, yn 1883 is er presidint fan de PFWV en presidint fan it sikefûns, yn 1884 is er presidint fan de PFWV en presidint fan it sikefûns, yn 1885 is er presidint fan de ôfdieling Snits fan de Nederlandsche Bond voor Algemeen Kies- en Stemrecht.

32 Ferlykje foar Jelle Fijlstra: Johan Frieswijk, *Socialisme in Friesland, 1880-1900*, Amsterdam, 1977, p. 33, 39, 43 en 73. Yn it brief fan Domela Nieuwenhuis oan SDB-sekretaris L. de Haan d.d. 23 maaie 1882 jout Domela in oersjoch fan de brosjueres en kranten dy't Fijlstra fan him ûntfongen hat; argyf FDN, nr. 962.

33 Johan Frieswijk, *Socialisme in Friesland 1880-1900*, Amsterdam, p. 33-35.

34 Brief fan L. de Haan oan F. Domela Nieuwenhuis, 2 july 1883, FDN-argyf, nr. 962.

35 Brief fan Domela Nieuwenhuis oan L. de Haan, 27 septimber 1883, FDN-argyf, nr. 962.

De wegen fan Jelle Fijlstra en Piter Jelles rinne parallel yn de striid foar it algemien kiesrjocht. Fijlstra is yn 1885 ien fan de sprekkers te Ljouwert op in meeting foar it algemien kiesrjocht.³⁶ Dat is itselde jier dat de 25-jierrige Piter Jelles Troelstra him nei oanlieding fan de Pinksterdemonstraasje foar algemien kiesrjocht yn Ljouwert opjout as lid fan de Friesche Volkspartij.³⁷

Jelle Fijlstra is yn Snits in man fan kwizekwânsje dy't lieding jout oan politike ûntwikkelings. Hy is ambachtsman, fakhûnsman en fierder alles wat Piter Jelles Troelstra letter wurde sil: ynternasjonalist, foaroman fan de beweging, kolporteur, gelegenheidsdichter en strider foar it algemien kiesrjocht. Piter Jelles Troelstra is letter eins de man dy't fêsthâldt oan it politike spoar fan de ynternasjonalist en sosjaaldemokraat Jelle Fijlstra, wylst Fijlstra Domela folget yn syn politike ûntjouwing nei it anargisme. Jelle Fijlstra en syn soan Piet Fijlstra kolportearren fanôf 1897 yn Snits mei *De Vrije Socialist*, dy't it opnimt tsjin it parlemintêr sosjalisme fan Piter Jelles en syn SDAP.³⁸

Ynfloed

Troelstra giet oan it optreden en de betsjutting fan Jelle Fijlstra foarby. It útelkoar rinnen fan har stânpunten komt nei foaren as Domela Nieuwenhuis yn 1891 net wer keazen wurdt yn it kiesdistrikt Skoatterlân, de Sociaal-Democratische Bond him stadichoan losmakket fan it parlemintarisme en ôfdielingen fan de SDB opropt har fan de Friesche Volkspartij los te meitsjen.³⁹ As Piter Jelles him yn 1892 presintearret as de man dy't de Friesche Volkspartij ta in sosjaaldemokratyske partij omfoarmje wol, komt er yn de *Almanak voor de Volkspartij in Friesland* mei in ynventarisasaasje fan alle ferienings dy't meielkoar de Volkspartij útmeitsje. Der binne dan trije SDB-ôfdielings út de Volkspartij stapt.⁴⁰ De ôfdieling Snits fan de SDB lit Troelstra witte gjin meiwurking oan de Almanak ferliene te wollen: 'In eene vergadering dezer afd. is

36 Frieswijk, idem, p. 43.

37 Troelstra, *Wording*, p. 250.

38 Albert de Jong, 'Piet Fijlstra 75 jaar', yn: *Socialisme van onder op. Orgaan van de Nederlandse Bond van Vrije socialisten*, 8 jannewaris 1949; Albert de Jong, 'Piet Fijlstra. 17 januari 1874-21 december 1952', yn: *Recht voor Allen. Orgaan van de Federatie van anarchisten in Nederland (F.A.N.)*, 8e jrg. nr. 195, 10 jannewaris 1953, p. 2.

39 Ulbe Durk Hannema, *De Friesche Volkspartij*, (skripsje), 1950, p. 37.

40 Hannema, idem, p. 38.

een motie aangenomen, waarbij de verschijning van deze Almanak bij een niet-partijgenoot is afgekeurd en besloten, geene inlichtingen te verstrekken'.⁴¹

Piter Jelles ferset him yn syn *Tinkskriften* tsjin de al te hege wurdearring yn rûnten fan de Sociaal-Democratische Bond fan de fakbeweging en it delsjen op de polityk; hy fynt dat partij en fakbeweging beide ûnderdiel útmeitsje fan de 'politieke macht' fan de arbeidzjende klasse.⁴² Mar tagelyk sjocht hy fanút de ambachtlike opfetting oer arbeid de fakbeweging folle breder as allinne 'verkoopkartel van arbeidskracht'. Yn dy begjinnende selsstannige arbeidersbeweging sa't dy stal krijt yn de Typografenbond, de Ynternasjonale en de Provinciale Friesche Werklieden Vereniging fine wy de opfettings oer arbeid dy't Troelstra ferwurdet. 'De ambachtelijke vakbeweging ging uit van de positie van de arbeider als producent', skriuwt Knotter.⁴³

By syn besites oan Snits kin it net oars as dat de politike aktiviteiten fan Jelle Fijlstra oan de oarder west hawwe, en dy wiene - sjoen ek de brosjure fan Gerhard yn de kast by syn heit - ûnderwerp fan diskusje by him thús. Piter Jelles Troelstra hat dêr as skoaljonge en jonge man kennis fan hân en dêr de ynfloed fan ûndergien. Sterker as dat er it miskien sels yn de rekken hie. Yn *Wording* jout er oan dat de dreamen en bylden út dy jonge jierren him net yn it ûnthâld bleaun binne en dat er net mear foar de geast hat 'aan welke heldenfiguren zich mijne toekomstdroomen begonnen vast te hechten'.⁴⁴ Mar as er ein 1877 as jonge fan santjin foar de feriening Halbertsma in 'wittenskiplike foardracht' oer it Sosjalisme hâldt, dan docht bliken dat er him yntusken ferdjippe hat yn de utopyen fan Thomas More, Thomas Campanella en Morelly, de opfettings fan Rousseau en Babeuf, de analyzes fan Saint Simon, Fourier en Owen en learstellings fan Proudhon en Louis Blanc.

Hy jout him net oer oan dy utopyen en konstruksjes, mar siket nei oare remeedzjes tsjin de aparte sitewaasje dat hurdwurkjende minsken yn earmoede libje. Syn útgongspunt is dat ferbettering mooglik wjerstân opsmyt, om't der yngrypt wurde moat yn de maatskiplike ferhâldingen

41 *Almanak voor de Volkspartij in Friesland*, H.J. Poutsma, Sneek, 1892, p. X.

42 P.J. Troelstra, *Gedenkschriften. Tweede deel. Groei*, Amsterdam, 1928, p. 54.

43 Ad Knotter, 'Van "defensieve standreflex" tot "verkoopkartel van arbeidskracht", yn: *TvSG* 1993, p. 71.

44 Troelstra, *Wording*, p. 89.

en de rjochten fan de begoedige klassen oantaast wurde sille.⁴⁵ En hy leit de klam op de ûntjouwing fan it folk sels: ‘Het volk moet vrij kunnen worden door zelfstandig te leeren denken, het moet zich in geestesontwikkeling zover kunnen verheffen dat het zelf kan beoordelen wat hun nuttig en niet schadelijk is’(...). ‘Vrij en krachtig moet eenmaal het volk zijn’.⁴⁶ Syn konklúzje is: ‘We zien dus dat de werkman niet alleen recht heeft op een verbetering van zijn toestand, maar dat het zelfs in het belang van de maatschappij is, die toestand te verbeteren’.⁴⁷

Yn 1887, yn it ferhaal *Voor de schiettent* spitst er dat ta op it ferhaal fan in jonge dy’t op syn tolfde oan it wurk moast yn in printerij en dagen makket fan tsien, tolve oeren, wylst studinten neat oars dogge as feestfiere. Troelstra ferwiist foar dat ferhaal nei de parlemintêre enkête oer de arbeidsferhâldingen fan dat jier.⁴⁸ It liket my gjin tafal dat er út dy enkête krekt dat foarbyld út de wrâld fan de typografen brûkt. Ek de jonge Jelle Fijlstra hie betiid oan it wurk moatten. Earst letter makket Piter Jelles konkreet kennis mei de arbeidsomstannichheden fan oare groepen: lânarbeiders, spoarwurkers en bakkers.⁴⁹

Der is noch in ekstra reden om te tinken dat Jelle Fijlstra foar Piter Jelles de tagong wie ta de reël besteande arbeidersbeweging fan syn tiid. De jonge Piter Jelles sil net allinnich kennis nommen hawwe fan de gedichten fan Jelle Fijlstra yn *De Werkman*, mar ek fierder yn dat blêd omsneupt hawwe. It is hiel apart yn *De Werkman* fan 1874 in foarrinner oan te treffen fan dy magistrale iepeningssin fan syn ôfskiedsgedicht fan it liberalisme, it gedicht *In nije tiid* út 1890, dat sa begjint:

-
- 45 Hânskrift Tresoar/FLMD, novimber 1877, lêzing fan Pieter Jelles Troelstra, *Het socialisme*, p. 5.
- 46 Hânskrift Tresoar/FLMD, novimber 1877, lêzing fan Pieter Jelles Troelstra, *Het socialisme*, p. 30.; fgl. Bertus Mulder, ‘Troelstra’s vroege belangstelling voor het socialisme’, yn: *Socialisme en Democratie* 9/10 (2011), p. 15-16 en de dêropfolgjende tekst, ‘Pieter Jelles Troelstra, Het Socialisme, wetenschappelijke voordracht door P. Troelstra gehouden in de vergadering van den 23 December 1877 der Vereniging “Halbertsma”’, yn: *Socialisme en Democratie* 9/10 (2011), p. 17-26.
- 47 Piet Hagen, *Politicus uit hartstocht. Biografie van Pieter Jelles Troelstra*, Amsterdam, 2010, p. 52; fgl. Hânskrift Tresoar/FLMD, novimber 1877, lêzing fan Piter Jelles Troelstra, *Het Socialisme*, p. 28.
- 48 P. Troelstra, ‘Voor de Schiettent’, yn: *Friesche Courant*, 5-6-1887. Hy ferwiist nei it pe-tear mei H. Rommerts, yn: *Enquête betreffende werking en uitbreiding der wet van 19 september 1874 (Staatsblad no. 130) en naar den toestand van fabrieken en werkplaatsen*, Sneek, 1887, p. 76.
- 49 Hagen, idem, p. 133.

*Der giet in rop oer alle lannen,
In rop om frijdom, witnis, ljocht.*

De begjinrigel fan in anonym gedicht yn *De Werkman* fan 14 febrewaris 1874 is:

Er klinkt een roep van land tot land.

En fierderop:

We willen vrede, vrijheid, recht.

Dat wurd ‘rop’ komt yn de 19e ieu neffens it *Wurdboek fan de Fryske Taal* yn it Frysk allinnich yn it gedicht fan Piter Jelles foar. It wurdt oars nearne brûkt.⁵⁰ En dat makket in ûntliening oan it Nederlânske ‘roep’ wierskynlik. Boppesteande rigel út *De Werkman* is dan de kapstok dêr’t er letter *In Nije Tiid* oan ophinget.



50 Meidieling fan Tineke Steenmeijer-Wielenga d.d. 20-5-2010 oan de skriuwer.